


## Ferslach fan de gearkomste fan it GWF op 29 novimber 2025

1. **Iepenjen en meidielingen.** Om likernôch healwei twaen iepent foarsitter Gosse van der Plaats de gearkomste mei in wolkom oan de 48 besikers en yn it bysûnder de hear Rob Dix dy't in lêzing fersoargje sil oer "Middelleeuws Flechtwerk". It bestjoerslid Anneke Westerhuis-Jager hat te kennen jûn dat sy net op de gearkomste oanwêzich wêze kin. As meidieling meldt de foarsitter dat der nei it fêststellen fan it ferslach fan de foarige gearkomste in lyts yntermezzo is op fersyk fan it bestjoer fan de NGV.
2. **Fêststellen fan it ferslach fan 26 oktober 2025.** Der binne gjin opmerkingen oer it ferslach sa dat it sûnder feroaringen fêststeld wurdt mei tank oan de ferslachmakker.
3. **Yntermezzo.** Yn ferbân mei in jubileum fan mr. Jan Anema as lid fan de NGV hat it bestjoer fan dy feriening frege om yn de gearkomste fan it Wurkferbân de hear Anema eefkes yn it sintsje te setten. Foarsitter Van der Plaats jout derom it wurd oan de foarsitter fan de "Afdeling Friesland van de NGV" de hear Rinse Spits. Nei in pear hertlike wurden oerlanget Spits oan Anema in oarkonde en in bosk blommen fanwegen syn lidmaatskip sûnt 1965.
4. **"Middelleeuws Vlechtwerk" troch de hear Rob Dix.**

Rob Dix begjint mei de opmerking dat minsken har faak net bewust binne hoefolle foarâlden se eins ha. Je ha 2 âlders, 4 pakes en beppes en 8 oerpakes en -beppes. By elke generaasje ferdûbelet it tal foarâlden. Nei 30 generaasjes sitte je al op in heal miljard en noch ien fierder binne dat der 1.000.000.000. Is it in wûnder dat je dan op ferskate wizen besibbe wêze kinne oan foarâlden en dat je dat dan diele mei in protte oare minsken? Om dat allegearre oan inoar te knoepjen makket dat je in hiel "flechtwerk" yn elkoar sette kinne. Dat ferklearret dat Dix en syn wurkgroep foar de namme Flechtwerk keazen ha.



*Middelleeuws Vlechtwerk* is een database mei genealogyske gegevens fan rom 140.000 persoanen dy't foar 1700 berne binne. De oanset is begûn mei Gens Nostra-nûmmers út de jierren 1968, 1990 en 1991 oer Karel de Grutte. Om de databank goed te brûken moatte jo earst wol de taljochtingen goed yn je opnimme. Ek de histoaryske achtergrûn oer it libben en gewoanten yn de midsiuwen by berte, boaskjen, ferstjerren en beilittenskippen binne wichtich om kennis fan te nimmen foar in better begrip.

De sprekker makket dúdlik dat Vlechtwerk net as boarne sitearre wurde kin. Dêrfoar moat men nei de ûnderlizzende argyfstikken. *Vlechtwerk* jout allinne mar de ferwizing nei de boarnen. Dêr kinne je sels de ûnderbouwing beoardielje en nije ûntdekkingen dwaan.

Der is in skentsjinst beskikber om ôfdrukken fan bepaalde boarnen te bestellen.

It ferhaal fan de hear Dix en databank is te finen op de thússide fan de NGV <https://www.ngv.nl/hoofd/middeleeuws-vlechtwerk>. De tagong nei de skeakels fan de databank en de “handreikingen” binne tagonklik foar de leden van de NGV.

Nei inkele foarbylden fan Fryske persoanen foar 1700 yn de databank wurdt de hear Dix tank sein troch de foarsitter foar syn ynlieding oer de wurkgroep *Middeleeuws Vlechtwurk*.

5. **Omfreegjen.** Bouwe van der Meulen wiist noch op de gearkomste fan de afdeling Friesland van de NGV op **13 desimber**: *Onderzoek in het Centraal Archief Bijzondere Rechtspleging* troch Otto Kuipers.

Jabik van der Bij lit witte dat op 3 jannewaris it GWF de hear Tjitte de Vries yn petear giet mei Henk van der Veer en de seal oer syn Joadske foarâlden (fam. Landau) út Poalen dy't in goed hinnekommen yn Amsterdam sochten op de flecht foar de Nazi's mar dêr dochs net feilich wiene. It oangripende ferhaal fan de famylje Landau dy't har hielendal yn Amsterdam nestele hiene wurdt ferteld yn de foarm fan in *kolleezjetoer*.

6. Sluten. De foarsitter betanket de oanwêzigen foar har komst nei Trsoar en winsket elk in goede thúsreis.

Ferslach: Jabik van der Bij